

## **Wedstriid** IN (VIRTUAL REALITY) REIS TROCH IT EUROPEESKE TAALFERSKAAT

Yn Europa prate 40 oant 50 miljoen minsken ien fan de 60 regionale en minderheidstalen, dy't allegear de unike skiednis, kultuer en tradysjes fan harren mienskip represintearje.

Dy talen binne ferantwurdlik foar it taalkundich ferskaat en hearre ta it ymmateriële erfgoed fan de minsken. Taalferskaat spilet in krúsjale rol by it stal jaan fan ús kollektive identiteit en is fan fitaal belang foar de struktuer fan ús mienskiplik erfgoed.

Taalferskaat giet net allinnich oer kommunikaasje; it giet oer it behâld fan de kennis, de ferhalen en de libbenswizen dy't fan generaasje op generaasje trochjûn binne. It begripen en wurdearjen fan dy talen befoarderet in grutter respekt foar it kulturele ferskaat en fersterket de bannen dy't ús as Europeanen ferienigje.

Der is gjin bettere manier om soks te wurdearjen as troch it better kennen te learen, net wier? Wy nûgje jimme út om mei ús mei te gean op in spannende reis om it taalferskaat yn Europa te ûntdekken. Dat is wêr't it by dizze wedstriid om draait, it taalkundich ferskaat fan Europa yn it omtinken te bringen, sadat wy, troch dat te ûntdekken, leare kinne dêr wiis mei te wêzen en it ek te behâlden.

### **WEDSTRIID BETINGSTEN**


#### **WA KINNE MEIDWAAN?**

Learlingen fan it middelber en beropsûnderwiis tusken 12 en 18 jier fan in skoalle yn Europa kinne harren ynskriuwe yn groepen fan maksimaal 12 studinten. Der binne gjin beheinings foar it tal groepen de skoalle.

#### **WEDSTRIIDDOEL**

It meitsjen fan in 'virtual reality'-belibbing dy't it taalkundich ferskaat fan Europa ûnderstreket, mei de klam op de neifolgjende talen: Katalaansk, Baskysk, Galisysk,





Korsikaansk, Bretonsk, Oksitaansk, Ladinysk, Friulysk, Mokèno, Kimbrysk, Sardynsk, Welsk, Skotsk-Gaelysk, Iersk-Gaelysk, Frysk, Sorbysk, Hongaarsk (yn Roemenië), Sweedsk (yn Finlân), Nijnoarsk, Finsk (yn Sweden) en Masedoanysk.

### WAT MOATTE JIMME DWAAN?

Dielnimmers wurde útnûge om in ferhaal te meitsjen dat presintearre wurdt mei gebrûk fan in 'virtual reality headset'. Jimme útdaging is it Europeesk taalferskaat yn it omtinken te bringen troch **trije fan de boppeneamde talen** te kiezen. It ferhaal moat dy talen sjen litte op in manier dat it oare learlingen helpt dêr mear oer te learen: oer harren komôf, muzyk, literatuer en artistike produksje, harren klanken, de wearde dy't dy hawwe foar de identiteit fan harren sprekkers, ensfh.

De folgjende foarbylden binne bedoeld om jimme te ynspirearjen by it skriuwen fan jimme skript.

#### FOARBYLD 1:

Stel dy in Friulyske keapman út de 16e iuw foar dy't mei syn guod de stêd Udine ferlit, mei as doel it eilân Korsika te berikken. Underweis reizget er troch de prachtige Val di Fassa, dêr't er de Ladinyske taal fan de Dolemiten heart. Dagen letter komt er yn Luserna oan en ûntdekt dêr in Germaanske taal, Cimbrian, dy't him tige fassinearret. Lang om let berikt ús keapman it eilân Korsika dêr't er fernimt dat de Korsikaanske taal dêr de taal is fan sosjalisasje tusken famylje en freonen. Presintearre talen: Friulysk, Ladinysk en Korsikaansk.

#### FOARBYLD 2:

En tink ris oan in Baskyske fisker út de 19e iuw, dy't it Baskysk as memmetaal hat. Hy begjint syn reis by de Atlantyske kust del oant er de haven fan Brest berikt, dêr't er de boat oanleit om in pear dagen by te kommen. Dêr ûntdekt er de Bretonsk taal en ferdjippet er him yn de muzyk en folkloare fan Bretanje. Efkes letter reizget er ôf nei Galway, mar syn boat rint fêst op in pear rotsen tichtby de Ierske stêd Tragenma. In fisker rêdt him, en hy leart oer de Ierske taal wylst er opknapt yn it famyljehûs fan de fisker. Presintearre talen: Baskysk, Bretonsk, Iersk-Gaelysk.

#### FOARBYLD 3:





Stel dy as lêste in Erasmus-studint út Barcelona foar, in sprekker fan it Katalaansk, dy't talitten is foar in stúdzjesemester yn Ljouwert. Hy beslút om in part fan syn reis mei de trein te dwaan, en syn earste stop is Perpignan yn Frankryk. As er yn de stêd oankommen is en troch it histoaryske sintrum kuieret, ûntdekt er dat guon bewenners Katalaansk ûnder inoar prate! Dêrnei nimt er de trein nei Toulouse, dêr't er twa jonge Oksitaansk-sprekkers treft dy't him fertelle oer harren taal. Lang om let komt er yn Ljouwert oan, de haadstêd fan de provinsje Fryslân yn it noarden fan Nederlân. Op de earste skoaldei fernimt er dat in soad studinten Frysk prate! Presintearre talen: Katalaansk, Oksitaansk en Frysk.

## RJOCHTLINEN FOAR IT MEITSJEN FAN IN FERHAAL

### FERHAAL:

1. It ferhaal moat ferteld wurde yn de earste persoan (haadpersoan) mar der kin wol ynteraksje wêze mei oare karakters troch te praten, eleminten sjen te litten dy't ferbân hâlde mei de taal ensfh..
2. De maksimale lingte fan it ferhaal is trije en in heal minuten (tusken 400 en 500 wurden).
3. Do brûkst yn dyn ferhaal trije talen en joust dêr relevante ynformaasje oer.

### EVENEMINTEN EN ELEMINTEN:

1. De omjouwing (it senario) kin feroarje, en der kinne útsichten op ferskate lânskippen yn foarkomme. Dêrby kinst tinke oan treinstasjons mei buorden yn ferskate talen, lûden en muzyk dy't typearjend binne foar de ferskate regio's.
2. Brûk der ek fisuele eleminten by dy't de talen en de kultuer dêr'tst de klam op lizze wolst represintearje, lykas foarwerpen of typyske gerjochten.

### KREATIVITEIT EN FRIJHEID:

1. Fiel dy net beheind troch romte en lânskip. Alhoewol't wy in trein, rydtúch of boat as foarbyld jouwe, kinst dy fansels elk bewegend reau of elke bewegende omjouwing foarstelle.





2. De wize dêr'tsto it ferhaal op sjen litst meist sels kieze, dat is oan dy. Wy wolle graach jimme kreativiteit sjen yn de presintaasje en de oanwêzigens fan de talen dy't jim keazen hawwe.

## HELPMIDDELS

1. Jim kinne alle helpmiddels brûke dy't jim helpe kinne om jim ferhaal te meitsjen: Muzyk, foarwerpen, karakters, en ynteraksjes binne helpmiddels dy't jim ta jim beskikking hawwe, jim binne inkeld ferplichte om in pear dêrfan te brûken.

## EKSTRA TIPS FOAR IT OPBOUWEN FAN IT FERHAAL FOAR DE VIRTUAL REALITY OFLEVERING:

1. Wat is it doel fan jimme ferhaal? Wêr is it foar ornearre?
2. Wa is de haadpersoan fan it ferhaal?
3. Wat is de haadline fan it ferhaal? Binne der ek dialogen?
4. Hokfoar spesifike ynformaasje moat dield wurde?
5. Hokfoar emoasjes wolle jimme oproppe?

## TAGONGSEASKEN

It ferhaal/skript, mei eventueel oar materiaal (as dat der is) moat oer de mail stjoerd wurde nei [npld@npld.eu](mailto:npld@npld.eu)

## RJOCHTLINEN FOAR IT OERSETTEN

Jimme moatte jim einprodukt, ynklusyf al it materiaal dat nedich is om jim wurk te beoardieljen (tekeningen, ôfbyldingen, tekst, ensfh.), **fóár 3 febrewaris, 2025** yntsjinje.

De **priiswinner krijt foar 21 febrewaris 2025**, de Ynternationale Dei fan de Memmetaal, berjocht oer de mail.

De **virtual reality ôflevering sil op 5 maaie 2025 útbrocht wurde.**





## BEOARDIELINGS KRITEARIA

1. **Orizjinaliteit en Kreativiteit:** It fermogen om in unyk en ynnovatyf ferhaal oer taalferskaat te presintearjen.
2. **Ferhaal en Gearhing:** Dúdlikens fan it ferhaal, gearhing tusken de ferskate ûnderdielen, en presintaasje fan it skript.
3. **Gebrûk fan de Setting:** Hoe wurdt de beweejende omjouwing brûkt om it ferhaal te ferrykjen en hoe wurdt it publyk dêrby oantrune om mear te learen oer it taalkundich ferskaat fan Europa.
4. **Taalkundige Yntegraasje:** Hoe wurde de talen en kultueren yn jimme ferhaal behelle.

## PRIZEN & ERKENNING

De winners krije in kâns om oan in twadde skript of ferhaalline te wurkjen; ditkear allinnich rjochte op de eigen taalmienskip. Dy nije virtual reality-ôflevering sil klear wêze op 26 Septimber 2025, de Europeeske Dei fan de Talen.

## SJUERY


De sjuery sil bestean út fertsjintwurdigers fan de folgjende NPLD-leden en in lid fan it foarsitterskomitee fan de NPLD: Provinsje Fryslân, Autonome Provinsje fan Trento, ARLeF, Partium Christian University, Xarxa Vives d'Universitats, Stockholm University, Provinsjale Ried fan Bizkaia, en it regear fan Wales.

## BOARNEN OANGEANDE TAAFERSKAAT

Miskien wolle jimme de folgjende dokuminten brûke om mear te learen oer de Europeeske regionale of minderheidstalen. Der binne lykwols in soad oare boarnen dy't jimme rieplachtsje kinne:

1. [Regionale and minority languages in the European Union. European Parliament briefing September 2006.](#)
2. [Multilingualism: the language of the European Union. European Parliament briefing September 2019](#)





3. [Article: Why some of Europe's oldest languages are at risk of going extinct](#)
4. [European Charter for Regional or Minority Languages. The Council of Europe](#)

### OANSPRAAKLIKHEID

De wedstriid "In (virtual reality) reis troch Europeesk taalkundich ferskaat" wurdt organisearre troch de leden fan it ECCA-projekt en finansearre troch it Netwurk to Promote Linguistic Diversity (NPLD).

